



Nijsbrief fan de Feriening Bêd & Brochje

desimber 2022

Jubileumjier yn de startblokken

Dit is de lêste nijsbrief fan 2022. Yn 2023 ha we beslist wer in soad te melden, mar dan sil alles yn it teken stean fan it jubileumjier. Dan bestiet ús Feriening Bêd & Brochje 50 jier en dat sille we breedút fiere. Mei jo! De plannen binne in kursus, in gesellige dei én in kadootsje. Op 'e kursus geane wy yn it folgjende tekstblokje djipper yn. Skriuw alfêst de datum op: sneon 1 april (gjin grap!) sjogge wy jimme graach op ús jubileumfiering yn Poppenwier. De feestdei stiet yn it teken fan moetsjen, ferbinen en ynspirearjen. Mei in feestlike lunch en ynteraktyf middeisprogramma hoopje wy wat foar elk-wat-wils presintearje te kinnen. En foar jimme as ambassadeurs fan ús feriening, leit in kadootsje foar de gastekeamer klear. In aardichheidsje dat it wolkom-gefoel fergrutsje wol. De útnûging folget yn jannewaris.

Workshops Vitale Logiesaccommodaties

Yn it ramt fan it provinsjale aksjeplan ' Vitale Logiesaccommodaties ' is it bestjoer oan 'e slach gien mei in kursusoanbod foar de Bêd & Brochjes dy 't harren ûnderkommen mear prominint ûnder de oandacht bringe wolle. Mei coach Wiepkje Hoekstra is in twa-deiske kursus ôfpraat op 7 en 21 febrewaris plus in netwurk-deidiel, wêrmei 't we it jubileumjier ôftraapje! De wichtichste doelen: hoe kinne wy elkoar en foaral startende Bêd & Brochjes helpe, en wat kin elk foar himsels dwaan oan klantewerving. De ynhâld is net yn beton getten, benammen de twadde gearkomste wurdt yn ôfstimming mei de dielnimmers fêststeld. In útnûging stiet op de rol foar begjin jannewaris.

Ledegearkomste 19-20-21

Wat in ympakt hat corona op ús bestean! Allinnich al mei in reguliere jiergearkomste hawwe wy einleas skowe moatten. Op 10 maaie seagen we inoar dan dochs yn it Fries Scheepvaartmuseum yn Snits. Nettsjinsteande alle oanmeldingen bliken op in let momint 11 leden de stap nei in groepsmoeting net oan te doaren. Corona drukte in bliuwend stimpel. Sa setten ferskate B&B's de tydlike sluting om yn in definityf ôfskied en oare makken harren B&B selsfoarsjennend: wol it bêd yn oarder

brocht, mar it brochje yn in koer foar de doar set. Lokkich koene wy oan 'e oare kant' ek nije leden wolkom hjitte. De teller stiet op dit stuit op 31 ûnderkommens.

Webside

Wy hawwe it al melden op de ledegearkomste fan 10 maaie: de besite-sifers fan de webside geane al sûnt 2019 omheech. Op de side is yntusken it nedige nij en feroare. Der is in rubryk 'Oer ús' makke en de rubriken 'galery', 'kaart' en 'list' binne fernijd of oanpast. Ek de rubryk 'Fryslân' is nij. Ek al earder melden: in mearderheid fan de leden seit gjin reviews - in soarte fan rapport - te wollen foar harren B&B. In Facebook side foar de feriening wurdt wol winske en dêr wurkje we oan. Ek ôfpraat is, dat leden dy 't meardere akkommodaasjes oanbiede in aparte fermelding op de webside krije kinne. Foar dat 'nije lid' wurdt net de folle € 75 kontribúsje frege, mar in bedrach fan € 50. By de twadde fermelding wurdt wer in beskriuwing pleatst en is ek romte foar 10 foto's.

Belibje en ûnderfine

Hawwe jo in goed seizoen hân? En binne jo yn 'de slappe tiid' kommen mei jo B&B? Dat hoecht net as it oan Merk Fryslân leit. Dizze regiomarketing-/managementorganisaasje dy 't yn opdracht fan de provinsje wurket, wol it hiele jier troch toeristen nei ús gebiet lûke. Dizze hjerst rint de kampanje 'Opfriesen', dêr 't mikt wurdt op de 'weardefolle' toerist dy 't ús ek bûten de pykperioades besiket. Minsken mei in boppegemiddelde ynteresse yn kultuer, natuer en 'couleur locale' fan de bestimming. Dizze toerist is net materialistysk ynsteld, mar wol dingen belibje en ûnderfine. Besykje de webside fan Merk Fryslân mar ris en besjoch it filmke op info@merkfrylan.nl! Om op de hichte te bliuwen fan de lêste ûntwikkelingen op rekreaasje- en toerismegebiet kinne je je ek sels foar harren nijsbrief oanmelde op dy site. Foar de Opfryskampanje nûge Merk Fryslân *ynfluencers* út foar in parsereis troch ús provinsje om hjir de hjerst te belibjen. Sân ynfloedrike minsken út Nederlân, België en Dútslân. Sy wiene entûsjast oer ús provinsje - en hawwe nei ferwachting harren tûzenen folgers ek entûsjast witte te meitsjen foar in ferbliuw yn Fryslân. Wa wit wat it opsmyt!

Staazjes

De Feriening Bêd & Brochje hopet mei help fan studinten de produkten te ferbetterjen. Reden om yn see te gean mei it TCF (Toerisme Collectief Friesland), in soarte fan makeler dy 't de trije O's ferbynt: onderwijs, ondernemers en overheid. Oan 'e hân fan ús winsken wurde opdrachten foar opliedingen formulearre, dêr 't skoallen al of net op yntekenje. Dit neijier binne û.o. studinten fan it Friesland Collega foar ús oan de slach gien.

Flyer en 'event'

De studinten hawwe ús folder yngeand trochljochte en punten oandroegen dy 't mooglik better kinne. In QR-koade tafoegje bygelyks foar in flugge rûte nei ús webside! Fierder prakkesearje se oer in Facebook-side fan ús Feriening, hoe't dy der it bêste útsjen kin om ús sichtberens te fergrutsjen en mear leden te winnen. Dernei wol de oplieding de toskens sette yn ús 'profilearing': hoe sette wy ús skerper op it netflues fan (side)besikers tusken oare B & B-klups. Wy komme der letter graach op werom.